

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 39 Reglement van Orde

<p>Rjochte oan</p>	<p>deputearre Michiel Schrier</p> <p>Underwerp: sâltwinning NW-Fryslân</p>
<p>Ynliedende taljochting</p>	<p>Yn Grinslân hat it Staatstoezicht op de Mijnen (SodM) de sâltwinning troch AkzoNobel ûnder ferskerpe tafersjoch steld fanwegen ûnder mear lekkaazjes fan de transportleidingen en fan de boarputten op de sâltkoepels sels. De SP Twadde Keamerfraksje hat hjir skriftlike fragen oer steld (1) Deselde problematyk docht him regelmjittich foar yn Twente; dêr hat GroenLinks fragen steld (2). Yn 2017 is yn Tsjommearum de sâltwinning troch Frisia ek alris stillein fanwegen lekkaazje (3).</p> <p>Yn 2011 is dúdlik wurden dat de sâltwinning ferpleatst wurde sil fan de fêste wâl nei de lokaasje 'havenmond Harlingen' op de Waadsee. Yn it brief oer de takomstige ûntwikkelingen (4) skriuwt jo Kolleezje: <i>'Frisia geeft aan dat zoutwinning onder het vasteland na de start van de winning onder de Waddenzee zal worden gereduceerd en per 31 december 2012 zal worden beëindigd. Als wij hiermee in kunnen stemmen dan is Frisia bereid om in het kader van het gebiedsproces bovenop het bedrag voor herstel en compensatie van de veroorzaakte schade een extra bijdrage te leveren van twee miljoen euro, bestemd voor de zogenaamde 'maatschappelijke plus'.</i> Frisia hie as betingst foar dizze 'maatskiplike plus' steld dat de provinsje Fryslân en de gemeente Harns in oerienkomst ûnderskriuwe soene wêryn't stie dat hja 'der alles oan dwaan sille om sâltwinning ûnder it Waad mooglik te meitsjen.' (5)</p> <p>Ferskate kearen hat bliken dien dat de boaiemdelgong troch de mynbou yn NW-Fryslân slimmer waard as earder fan útgien wie. Mei as gefolch dat der ekstra kosten makke wurde moasten foar maatregels oan de seedyk, de wetterhúshâlding en de ynfrastuktuer (6). Wy wize der hjirby op dat de skea fan partikulieren yn it gebiet noch hieltyd net nei tefredenheid oplost is, en dat ferpleatsing fan de sâltwinning bûtendyks mooglik ek wer ûnferwachte effekten krije kin op partikuliere eigendommen yn Harns en omjouwing.</p>
<p>Fragen</p>	<ol style="list-style-type: none"> 1. Hoe is yn Fryslân it tafersjoch regele op de sâltwinning en it (leiding)transport dêrfan troch Frisia? 2. Hokker rol spilet de provinsje en/of FUMO by dit tafersjoch? 3. Hat Frisia in meldingsplicht by (miljeu)ynsidinten?

	<p>4. Hokker ûnregelmjittichheden binne de lêste fiif jier yn Fryslân konstatearre by de sâltwinning of it transport troch de leidingen?</p> <p>5. As der rapportaazjes en/of sifers binne oer it tafersjoch op de sâltwinning yn Fryslân, wolle jo dy mei PS diele?</p> <p>6. Ferline moanne binne twa leden fan de Kommisje Boaiemdelgong Ierdgaswinning Fryslân 2006 werbeneamd (7). Spilet dizze kommisje ek in rol by de sâltwinning en sa ja: hokker?</p> <p>7. Hat Frisia it bedrach wêrmei de ‘maatskiplike plus’ op it gebietsproses NW-Fryslân ôfkocht is, al folslein útbetelle of stiet dit jild reservearre op in aparte rekkening bûten de reguliere bedriuwsfiering fan Frisia? Graach jo útlis.</p> <p>8. a. Is de besteande wetlike skearegeling - mei de TCBB, en gjin omkearde bewiislêst foar de boarger - nei de hjoeddeistige ynsichten foldwaande effektyf en doelmjittich om nije tsjinfallers yn de takomst op te fangen, benammen as it giet om partikuliere skea?</p> <p>b. Hoe tinkt it Kolleezje dat ‘âlde’ skea fan partikulieren yn it gebiet, dy’t noch ûnder it rezjym fan de foarige mynbouwet en de TCBB foel, no einlings ris effektyf oplost wurde kin?</p> <p>c. Wat sil de nije Mynbouwet fan minister Wiebes neffens jo ten goede feroarje foar de ôfwikking fan dizze besteande en takomstige (partikuliere) skeagefallen troch de sâltwinning?</p> <p>(1) RTV Noord, 24 april 2018 (2) RTV Oost, 25 april 2018 (3) LC, FD, 3 juny 2017 (4) Brief DS 21 des 2011, kenmerk 00982199 (5) Brief Frisia 31 oktober 2011, kenmerk 978926 (6) Brief DS 8 jannewaris 2018, kenmerk 01473605 (7) Brief DS 24 april 2018, kenmerk 01512299</p>
--	--

Yntsjinners	SP, Machiel Aarten FNP, Wopke Veenstra PvdD, Rinie van der Zanden GL, Retze van der Honing
-------------	---

Datum	14 maaie 2018
-------	---------------